


Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare 1940-1945



(© Foto dbfolsgeare)

Folsgeare 1940-1945

De Twadde Wrâldoarloch is yn Folsgeare relatyf rêstich ferrûn. De oarlochsjierrren ha lykwols wol deeglik harren spoaren efter litten, al is der net in soad oer bekend. Yn dit finster binne ferskillende nijsgjirrige saken by elkoar brocht.

It earste dat bekend is, datearret al fan foar it útbrekken fan 'e oarloch. By it ferbouwen fan 'e twadde skoalle fan Folsgeare komt der in tekst foar it ljocht dy't op 13 septimber 1938 op in wand skreaun is. Timmerman Thomas Stallinga (Tsjaerddyk 22) uteret dêryn syn soargen oer it útbrekken fan in nije oarloch.

Hy hat it goed foarsjoen. Nei de ynfal fan Dútslân yn Poalen ferklearje Frankryk en it Feriene Keninkryk op 3 septimber 1939 nazy Dútslân de oarloch. De Twadde Wrâldoarloch is in útmakke saak.

De measte ferhalen oer de Twadde Wrâldoarloch yn Folsgeare geane oer it grutte tal ûnderdûkers dy't yn dizze tiid yn it doarp in feilich ferbliuwplak hiene.

Under mear op **Strûpenkeal** ha in soad ûnderdûkers in feilich skûlplak fûn. Feike van der Velde wenne yn 'e oarloch as bern op dizze buorkerij. Hy fertelt dat der

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare 1940-1945

bytiden wol sân ûnderdûkers op'e buorkerij wennen. Yn'e tún by de famylje stie in spegel dy't rjochte wie op it paad fanút it doarp nei de buorkerij ta. Fanút it hûs wie dan altyd te sjen oft der immen oan kaam en wa. Yn it doarp hongen guon minsken ek wol spegels op oan'e beammen. Sa koene hja ek yn'e gaten hâlde wa't der oan kaam.

De terp leit isolearre en dit hat sa syn foardielen yn'e oarlichstiid. De besetting fan'e terp begjint op 10 maaie 1940 as in ferdwaalde Dútser op'e fyts by Strûpenkeal komt. Hy makket in rûntsje om de buorkerij as wol hy op dizze wize sizze dat se beset binne. Hy sjocht gjin oare mooglikheid om fierder te kommen en ferdwynt gau wer. De twadde kear dat der in Dútser del komt, is yn'e maitiid fan 1945. Hy freget om bûter. Efternei besjoen ha de bewenners in bytsje lêst fan'e besetter hân. Hjirtroch ha de ûnderdûkers dy't der taholden ek in betreklik rêstich libben op'e terp. Sa ferkearde **Johannes Beute** fan'e boekhannel oan it Grutsân út Snits in skoft op de buorkerij. Hy wie út it plysjeburo befrijd en hold dêr ta mei de namme 'Tjitse'. Fierder wenne trammasinist Wielling fan'e tram tusken 't Hearrenfean en Snits nei Boalsert op Strûpenkeal. Beide mannen wiene fêste ûnderdûkers.

Johannes Beute wie de soan fan Harm Beute en Grietje van der Bij. Hy is berne op 16 septimber 1901 yn Grootegast en is stoarn op 2 april 1962 yn Snits. Hy wie troud mei Gezina Jantina Tuil. Se hiene ien soan: Harm Johan Beute (berne yn 1930 yn Stadskanaal). Njonken boekhanneler wie hy yn syn frije tiid, nêst BB-kommandant, ek kultureel aktyf: Hy skildere, wie lid fan'e útstallingskommisje en resinsearre keunst yn it Sneeker Nieuwsblad.



Yn'e tiid dat hy tahold as ûnderdûker op Strûpenkeal tekene Beute in soad. Feike van der Velde hat in tal tekeningen dy't hy makke hat, lyk as boppesteande

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare 1940-1945

tekening mei it sicht op Easthim. De omjouwing fan'e terp stie doe hielendal ûnder wetter. Dat hie as foardiel dat de Dútske patrûlje net wist hoe by Strûpenkeal te kommen. Dat koe allinne mar fanút it doarp, oer it paad dat lâns Carpe Diem rûn.

Fierders hat mefrou Vellema, in Joadske frou, mei har bern Leo en Nico, in skoftsje op'e buorkerij wenne. Dizze frou hie de gewoante om te kuijerjen yn it fierder lege lân. Dat foel tige bot op en de oare bewenners fan'e buorkerij fûnen dat gefaarlik. Der waard foar harren in oar ûnderdûkadres socht..

Tsjin de ein fan'e oarloch hat de ûnderdûkorganisaasje Súdwesthoeke der noch in skoftsje sitten mei lieder **Haitze Wiersma** en plysjeman de Jong. Der wiene wapendroppings en regelmjittich kamen koeriersters op'e fyts oer Atsebuorren en oer de âlde Himdyk nei de Ald Rien ta. Se waarden mei in skouke oersetten. Se moasten dêr dan bytiden in skoftsje stean te wachtsjen. Feike fertelt dat syn mem dit mar hielendal neat fûn. It makke har bang. Der stie nea immen op'e dyk en no ynienen al. De froulju wiene al fan fierren te sjen, ek foar de Dútsers.

Haitze Fongers Wiersma, de âldste soan fan Fonger Haitzes Wiersma en Trijntje Thomas Nijdam wurdt berne op 23 jannewaris 1911 yn Easthim.

Haitze syn heit Fonger hie in brânstofhannel. Hy ferfierde turf mei it skûtsje de Lastdrager. Hy besoarge ek turf yn Folsgeare oant it brechje yn'e Tjaardvaart ta. Mei in koer op'e rêch waard de brânstof nei de boeren oan'e Alde Leane brocht.



Op dizze foto út 1915 stiet Haitze mei syn broers Thomas en Hylke en syn âlden by de mêst fan'e Lastdrager.

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare 1940-1945

Haitze wurdt yn 1933 talitten ta de plysjeoplieding. Yn 1934 wurdt hy yn Den Haach en begjin 1937 yn Boskoop as plysjeleman pleatst. By it útbrekken fan 'e Twadde Wrâldoarloch helpt hy ûnderdûkers en joaden en wurdt koördinator fan ferskillende fersetsgroepen. Haitze Fongers (skûlnamme Wietse) wykt út nei Fryslân dêr't hy lieder wurdt fan 'e KP-sintrale fan Snits. Wiersma pleegde oerfallen en wie belutsen by de likwidaasje fan Geale van der Kooij. (deasketten om't dytefolle wist oer it ferset) Dêrnêst makket hy diel út fan it 'Trio' ûnder lieding fan de 'Binnenlandse Strijdkrachten'. It 'Trio' bestie út trije mannen dy't mei de NBS gearwurken yn militaire operaasjes om de ein fan 'e Twadde Wrâldoarloch hinne. Hy hold in skoftke ta op Strûpenkeal tegearre mei plysjeleman de Jong. Troch it grutte tal koeriersters dy't berjochten helje en bringe wurdt de rêst hieltyd mear fersteurd. It falt op dat der wat geande is en Haitze moat nei in oar adres.

Yn 1943 krigen de Dútsers der rook fan dat Haitze in wichtich man yn it ferset is en sykje om him. Syn húshâlding wurdt troch de ûndergrûnse yn feiligens brocht en Haitze joech syn heit Fonger de wink dat it better is om in skoftsje te ferdwinen. Fonger dûkt ûnder op in fiskersboat fan Hessel de Bruin dy't by Top en Twel leit. De Dútsers geane nei Easthim en om't Fonger ûnderdoken is, nimme se yn augustus 1943 syn mem Trijntje Nijdam mei en slute har op yn kamp Vugt. Trijntje sit oant de kryst 1943 opsletten yn it kamp.



Haitze Wiersma oerlibbet de oarloch. Hy is letter oan 'e Dútsers ûntsnappt by in razzia yn 'e Gaastmar. Hij hie him ferstoppe yn in wetterput en "herrees na de razzia als een feniks", skriuwt Jan J. van der Veer yn 'Luchtoorlog boven Zuidwest Friesland'. Yn 1965 kriget Wiersma de ûnderskieding fan 'ridder in de orde van Oranje Nassau'. Hy

stjert op 2 oktober 1982 yn Zeist. Yn it Swetteplan yn Snits is der in strjitte nei him neamd, de **"Haitze Wiersmastrjitte"**.

Net allinne op Strûpenkeal, mar yn hast alle wenningen yn en om Folsgeare hinne ferskûlen harren minsken.

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare 1940-1945

Yn'e oarloch kamen der in soad Joaden en oare minsken dy't ferfolge waarden nei Fryslân. Hjir wennen relatyf net in soad NSB-ers en der wiene folle minder razzia's en kontrôles as yn'e stedsgebieten. It tal Joaden dat yn'e oarloch yn Fryslân ûnderdoken wie, wurdt rûsd op sa'n trijetûzen. It waarden der yn'e rin fan'e oarloch hieltyd mear. De minsken wisten fan elkoar wa't ûnderdûkers hie. Elkoar ferriede diene je net. Spitigernôch wiene der ek inkele minsken dy't op'e hân fan'e Dútsers wiene. Se hiene meastal gau troch wa't net te fertrouwen wie. Lykwols wie it regel dat je mar better swije koene, je wisten it mar net. Gauris wennen de ûnderdûkers op'e souder. Se mochten allinne efkes nei bûten ta yn'e eftertún. De ûnderdûkers kamen bytiden by elkoar om te kaartspyljen. Dit barde dan meast ek op'e souder. De froulju sieten wol te hânwurkjen. Lykwols, allegearre sieten se altyd op'e wip, klear om te ferdwinen.

Op **Tsjaerddyk 27** wennen **Gerben de Boer, syn frou Sjoukje Zijlstra** en 7 bern. Der wiene fiif minsken op de buorkerij ûnderdoken. Dit wiene de âldste soan fan'e húshâlding, Gerben, in plysjeman en syn frou út Snits en in troud pear Bijlsma út Snits(wynhannel Bijlsma) Sy hiene by gefaar in skûlplak yn'e golle, dêr't in romte makke wie. Om dêr te kommen moasten se oer de heasouder en troch in lûk. Troch alle bewegingen foel der wol wat hea nei ûnderen ta, wêrtroch it lûk net mer te sjen wie. De minsken moasten somtiden fernimstich wêze om út hannen fan'e fijân te bliuwen. Under it hea waarden ek wol wapens ferstoppe. Foar alle wissichheid wiene, foaral oan'e efterkant fan'e buorkerij, de doarren dei en nacht op slot.

Op in dei waard bekend dat der in razzia kome soe. De ûnderdûkers ferstoppen harren op it wenstige plak. Dochter Rooske, doe in famke fan in jier as acht, waard op bêd stoppe en krige te hearren dat se sebeare dwaan moast dat se tige siik wie. Bûten waard in boerd op'e beam spikere mei de tekst: diftery. In hege militiar en in pear soldaten kamen nei de buorkerij. Lykwols, se wiene spûkbenaud foar slimme syktes. Ien fan'e soldaten waard nei binnen stjoerd om sels te sjen oft der in bern yn'e bedstee lei. Dêrnei wiene se gau wer ferdwûn. Rooske hat har kreas oan 'e strikte ynstruksjes holden. Se realisearre har folle letter pas dat it dochs wol tige gefaarlik west hie.


Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare 1940-1945

Rooske kin it har ek noch goed te binnen bringe dat se in kear middeis mei elkoar (de húshâlding en de ûnderdûkers) om'e tafel hinne sieten te iten. Der stie snert op it menu. Ynienen kaam der in Dútser op'e fyts nei de buorkerij ta. Yn in omsjoch wiene de ûnderdûkers mei harren board ferdwûn, de stuollen waarden gau wat ferskood. De soldaat woe graach wat bûter. It barde wol faker dat Dútske militairen iten kamen te heljen. Frou de Boer joech se altyd mar wat mei.

stoelen werden snel wat verschoven. De soldaat wilde graag wat boter. Het gebeurde wel vaker dat Duitse militairen eten kwamen halen. Mevrouw de Boer gaf ze altijd maar iets mee.

Efterkant fan de pleats
mei de kelder en it
weinhok



Mei ekstra mûlen der by, moast der ek ekstra iten komme. Sa waard der regelmjittich stikem slachte yn'e kelder efter it hûs. Dêr koene je allinne mar komme troch it hûs. De kelder wie heal yn'e grûn. Der stiene in pear hege linebeammen nêst. Yn'e simmer soargen de grutte blêden foar koelte. Meast waard der in skiep of in baarch slachte. Soms ek wol in keal dat net groeie woe. Siep Posthuma (sjoch by Tsjaerddyk 42) kaam dan del. De âldste soan Gerben holp mei. Gerben slachtte sels wol ris in hazze of in knyn. Op in kear waard it ferklikt dat der slachte waard. Der kaam hússiking. De soldaten sochten it hûs troch en kamen ek yn'e kelder dêr't it fleis ophongen wie. Heit Gerben moast mei op de heawein, in pear hynders derfoar. Mem Sjoukje oerstjoer en tocht it slimste. In pear dagen letter kaam heit wer thús, fansels sûnder fleis.

Dorpsanon van Folsgeare

Folsgeare 1940-1945

Tsjin'e ein fan'e oarloch krigen se op'e buorkerij Dútske ynkertiering. De Dútsers slepten yn'e skuorre, dêr't ek de foardere hynders stâld waarden tichtby in mânske bult striebalen. Under dize striebalen wie de frachtwein fan Mink de Boer, feerider út Nijlân ferstoppe ear't dizze foardere wurde koene.

Yn dy tiid wiene de ûnderdûkers der al net mear, hja wiene nei oare plakken ta brocht. De plysje fan Snits (Cor van Wijk) en syn frou en de lytse poppe wiene nei Klein Tiem ûnder Wytmarsum ta brocht. Dêr binne letter harren oare trije bern ek hinne brocht. Deli, Roos en Tjeerd en de trije "van Wijkjes" giene sabeare nei in jierdeifeestje en heit brocht ús mei hynder en boerewein fan Folsgeare nei Klein Tiem, in ôfstân fan goed 10 km. Fan Groot Tiem ôf nei Klein Tiem rûn it hynder oan it liif ta troch it wetter, om't de omkriten omwille fan'e feiligens ûnder wetter setten wie.

De ûnderdûkers wiene net mear op'e pleats, wól wiene der no twa hongerevakuëes út Haarlem kommen: Willy (16 jier) en Arie (12 jier) Bieshaar.

Ek kaam Ria van Nistelrooy (10 jier) op de buorkerij. Hja kaam út Kerkdriel yn de Betuwe. De Dútsers hiene de rivierdiken bombardearre om de alliearden werom te driuwen, begjin des. 1944.

Nei't de Kanadezen de Dútsers ferdreaun hiene, makken se efter op it hiem in wurkplak om stikken materiaal te reparearjen. Dat barde yn in tinte, dêr't de mannen ek taholden. Soan Tjeerd (1939) learde sawier wat Ingelsk fan'e soldaten: chewing gum en chocolate.



Nei de oarloch lieten menear Paulus Bijlsma en syn frou Jantje Bijlsma-van der Horst in skilderij fan 'e buorkerij meitsje troch keunstskilder Sjoerd de Vries út Snits. Dit keunstwurk krige famylje de Boer oanbean as tank foar it feilige plak dat se krigen hiene.

Kornelis (Kees) Wester en Hinke de Boer wennen yn'e oarloch op **Tsjaerddyk 26a**. Se hiene in ûnderdûker yn'e hûs dy't ûnder de flier, op it plak fan'e itenstafel, in skûlplak hat. Dizze man is in bakker út Haarlem. Oerdeis wie hy gauris by de buorman (Tsjaerddyk 24), timmerman Eppinga en syn soan Jappie. Op Tsjaerddyk 26 wenne de famylje Twijnstra. Soan Willem wie ek gauris by de mannen te finen. Se sieten dêr dan wat mei elkoar te praten. Op in dei hearde Willem dat Kees

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare 1940-1945

Wester it net in nofllike gedachte fynt dat harren ûnderdûker de hiele dei allinne by syn frou Hinke is. Ommers, hy is as boerearbeider de hiele dei fan hûs. De Haarlemmer moast fuort. Hy komt lykwols dan te plak by de famylje Twijnstra en is dêr sa'n oardel jier bleaun.

By de famylje **Sweering (Tsjaerddyk 32)** wenne der immen op souder.

Dizze man koe lykwols net goed oer alle beheiningen. Boppedat mocht hy graach in buorrel. Hoewol't it ferbean wie om nei 19.00 oere bûten te wêzen, rûn de man dochs regelmjittich jûns nei de kroech yn Snits.

Wiebren Sweering, oan it begjin fan 'e oarloch 12 jier, fertelt dat syn âlden dit op in bepaald stuit net langer woene. It wie té gefaarlik. Wiebren fûn it foaral spannend. Lykwols, foar dizze ûnderdûker waard in oar skûlplak socht.



Op de foto it skûlplak by de famylje Sweering op souder.

Yn 1942 waard in Joads famke fan 23 jier âld yn 'e húshâlding fan **Jitze en Hinke Zietsma** opnommen: Anna de Rooij. Har skûlnamme wie Dora. Se hie har hier read ferve om mar net ûntdutsen te wurden. Se wie ien fan 'e fiif bern fan Joseph de Rooij en Keetje Waas út Amsterdam. Se kaam fia Skearnegoutum (it die bliken dat dêr ferrie yn it spul wie) yn Folsgeare terjochte. De Zietsma's hiene in skilderbedriuw op **Tsjaerddyk 34**.

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare 1940-1945



Anna de Rooij efter it hûs fan Jitze en Hinke Zietsma.

Anna hat in goed jier by de famylje Zietsma ûnderdoken west. Begjin desimber 1943 wie der yn'e omjouwing fan Folsgeare in razzia. Kleardernôch wie de boel ferret. Anna waard yn tsien hasten ûnderbrocht by widdow Trijntje Eppinga (suster fan timmerman Eppinga út it doarp) dy't wenne ûnder Nijlân (buorskip 't Hart). Ek Jitze, Hinke en harren bern Ulbe en Ruurd ferlieten fuortendaliks it hûs. wenhûs. Jitze en Hinke krigen ûnderdak by boer Jansen yn Parregea, de boer dêr't Hinke destiids wurke hie. Ulbe krige ûnderdak by Hinke's suster Aukje yn Wytmarsum en Ruurd by in oare suster fan Hinke, Hielkje yn Parregea. In pear dagen letter waarde it eangstige fermoeden fan ferrie befêstige. Anna de Rooij waard arrestarre en op transport setten nei Westerbork. Frou Eppinga moast har earmoedige besit (100 gûne) ôfjaan oan'e besetter om it ôf te keapjen. Twa soannen fan'e broer fan Thies Twijnstra, dy't altyd by 'tante Tryn' slepten, waarden mei rêst litten. Jitze, Hinke, Ulbe en Ruurd bleaune nei de arrestaasje fan Anna noch in goed moanne ûnderdoken sitten. Ek dêrnei bleau it fansels tige spannend oft it bieden fan ûnderdak oan Anna wol of gjin gefolgen foar de húshâlding ha soe. Gelokkich kaam dat der net fan, mar de húshâlding hie in grut drama te ferarbeidzjen. In suster fan Anna, Saartje, is by itselde ferrie oppakt. Hja

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare 1940-1945

hat yn Westerbork kâns sjoen om krekt foar it fuortgean fan harren beiden nei Auschwitz, in briefke te stjoeren nei de minsken dy't har ûnderdûke lieten. Ridlik koart dêrnei waard der troch de ûndergrûnse in briefke besoarge (N.B. by Hinke's suster Aukje yn Wytmarsum, it adres dêr't soan Ulbe ûnderdoken wie!) mei de meidieling dat Anna op fierder transport setten wie nei Poalen.

Wilens is bekend dat Anna de Rooij op 7 desimber 1943 yn Westerbork yn barak 67 ûnderbrocht west is en dat hja dêrwei op 25 jannewaris 1944 op transport setten is nei Auschwitz, dêr't se op 28 jannewaris 1944 fermoarde waard.

Tagelyk is bekend dat, op ien suster nei (Margaretha), de hiele húshâlding fan Joseph de Rooij yn'e oarloch ombrocht is. Anna's mem, Keetje Waas, op 13 maart 1943 op 63-jierrige leeftyd yn Sobibor, de oaren yn Auschwitz. Anna's heit op 74-jierrige leeftyd op 19 novimber 1942, har suster, Elisabeth (36 jier) en har broer Salomon (31 jier) beide op 30 septimber 1942, en Anna (25 jier) en har suster Saartje (36 jier) beide op 28 jannewaris 1944.



Op'e foto út 1943 stiet Anna de Rooij (yn'e midden) middenmank in tal doarpsbewenners. It lytse famke foaroan is Nanny. Nanny wie ûnderdoken yn'e húshâlding fan Durk de Boer en syn frou Jantje (links op'e foto). Hja wiene de neiste buorlju fan Jitze en Hinke. Durk wie winkelman. (Tsjaerddyk 36)

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare 1940-1945

Op **Tsjaerddyk 42** wennen **Douwe en Aagje Posthuma-de Boer** mei harren 10 bern. Hja hiene in slachterij. De âldste soan Siep wie ek slachter, de twadde soan Meinte studearre oan 'e middelbere lânbouskoalle. Beide jonges hiene de leeftyd om wurkje te moatten foar de Dútsers. Se moasten regelmjittich yn harren eigen hûs ûnderdûke. Se ferdwûnen somtiden ek wol yn 'e greiden of earne yn in heaberch. Boppe de skodoarren yn 'e slachterij siet in geheime romte dêr't de jonges harren ferstoppe koene. Dat rûn hast ferkeard ôf doe't Dútsers mei harren bajonetten yn it plafond stutsen om te kontrolearjen oft dêr ek minsken ferstoppe wiene. Nei dit barren waard op 'esouder in dûbele muorre makke (oan 'e westkant) wêr't se harren efter ferstoppe koene troch in gat efter in kast.

Nei omstannichheden wie it libben goed yn Folsgeare. Der wie genôch te iten, der wie in stikem ûnderling ruilsysteem. Boppedat waard der in soad klandestyn slachte om ek de ekstra mûlen fan 'e ûnderdûkers folje te kinnen. Soan Siep kaam by de boeren thús om stikem te slachtsjen. De slachter hie sa in wichtige taak yn it foarsjen fan iten oan 'e minsken. Wa't it net betelje koe, krige dochs fleis fan slachter Posthuma. De Dútsers kamen ek om fleis te heljen, lykwols sûnder te beteljen..... Je moasten je fatsoen hâlde en sis der mar neat fan, sa seit omkesizzer Wout Zijlstra.

Keallen dy't by de berte dea giene, waarden ek op 'e buorkerij slachte. Neffens de fleiskeuringswet (juny 1922) art. 4, moasten dizze bisten ferneatige wurde. Ek gammel of dea fee, b.g. kij mei brutsen poaten of fee dat dea gie by it kealjen, waard op it plak sels slachte. Neffens dyselde feekeuringswet art. 5, moasten dizze bisten nei in offisjeel needslachtplak. De slachter kaam sa gau as er koe om sa folle mooglik goed fleis oer te hâlden. It measte fleis waard daliks ferdield / ruile, mar troch ynsâltsjen, yndrûchjen, sieden, brieden en wekken koe it fleis bewarre wurde.

Siep kaam ek regelmjittich op Strûpenkeal om in bist te slachtsjen. Alle boeren dy't om 'e buorkerij hinne wennen, koene dan mei profitearje. Meast gie it goed. Lykwols, it slachtsjen ferrûn soms ek wol ris oars as tocht. Boer Jongsma waard in kear mei in folle amer fleis by it doarp opwachte troch de Dútsers. Hy moast mei nei it buro yn Snits. Hy waard ûnderfrege mar de besetter krige lykwols gjin fet op him. Jongsma kaam werom sûnder fleis, mar hy hie neat ferteld oer de klandestine aktiviteiten op de buorkerij.

By in oare gelegenheid slachtte Siep in hokkeling by boer Damstra. (Tsjaerddyk 44) It bloed rûn troch in goate yn 'e sleat, dat sadwaande koe eltsenien it sjen. Dit

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare 1940-1945

waard troch in ferklikker melden oan plysje de Jong út Nijlân. Dizze kaam te sjen, mar ûndernaam gjin aksje. De Jong wie in 'goede' plysjeman. Nei in reorganisaasje by de plysje, kaam der in nasjonaal socialistyske lieding en krige hy minsken neist him fan û.o. de maresjese. Hy hie fan dy tiid ôf minder de mooglikheid om foarfallen as by Damstra te ferswijen. Nei de oarloch die bliken dat hy sels ek ûnderdûkers yn'e hûs hie en ek klandestyn fleis nedich hie.

Ien fan'e kearen dêrnei rûn it stikem slachtsjen spitigernôch minder goed ôf. Siep waard pakt troch de Dútsers en waard fêst setten yn'e finzenis fan'e maresjese yn Snits. Hy koe hjir út ûntkomme troch de traaljes iepen te krijen. Hjirby krige hy help fan Sjors (marinier), in ûnderdûker op'e buorkerij fan Petrus Tiemersma, no Jelle Breeuwsma. Hy waard hjirnei spitigernôch dochs wer oppakt en ôffierd nei kamp Vught. Dit kamp stie ûnder bewâld fan'e SS. Hy hat it dêr tige dreech hân. Siep hat hjir mear as 9 moanne sitten en is fia kamp Sachsenhausen yn Dútslân nei de oarloch wer thús kommen. Syn mem koe him hast net wer werom, sa meager wie hy wurden. De earste wiken wie it iten net oan te dragen, fertelden syn broers letter.

Geeske, de ien nei jongste dochter fan Douwe en Aagje, hie it syndroom fan Down. It slachterspear wie tige benaud dat de Dútsers dêr efter komme soene. Yn dat gefal hiene se har wierskynlik nei in ferneatigingskamp stjoerd. Gelokkich waard it net murken.



Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare 1940-1945

Op de famyljefoto: Douwe en Aagje Posthuma mei harren 10 bern krekt nei de oarloch. De âldste dochter Hinke trout mei doarpsûnderwizer Hennie Grondman. Wout Zijlstra fertelt: links fan Hinke (yn breidsjurk) stiet Meinte, rjochts fan har Thomas, dan syn mem Idske en dêrnei Anneke. Hielendal links stiet Jentsje, dêrneist Sjoerd, mei dêrfoar Geeske. Dêrnjonken sit pake Douwe Posthuma, dan beppe Aagje, dêrneist Geertje en hielendal rjochts sit Siep.

Tsjin'e ein fan'e oarloch waard de buorkerij op **Tsjaerddyk 49** foardere troch de Dútsers. Dêr wenne doe de famylje **Andries Wiersma** (pake fan'e hjoedeiske bewenner) De hynders dy't troch de besetter yn nommen waarden, waarden yn earste ynstânsje hjir hinne brocht.

Yn dy tiid groeide der klimop tsjin'e doarpstsjerke oan. Dêr sieten in protte downen yn, dy waarden troch de soldaten sketten. De fûgels waarden op iten, tige wolkom



as ôfwikseling fan it deistige menu. Doe't de klimop fuorthelle waard by de restauraasje fan'e tsjerke yn 1962, die bliken dat de kûgelgatten fan dizze aksjes te sjen wiene. Oare slachtoffers wiene eienen, dy't troch de Dútsers yn'e winter fan 1944 deasketten waarden om mar wat te iten te hawwen.

Nei de oarloch wiene der in soad Kanadezen op it hiem. "In moai gesicht", fertelt Thies Twijnstra

By Hessel Boschma op Walma state oan'e **Easthimmerwei 27** (in eintsje bûten it doarp) ferskûlen harren ek meardere ûnderdûkers. Siep van de Velde fertelt dat syn omke Hessel dêr wenne mei syn frou Marie en soan Feike. Beppe wenne der ek by yn. Syn neef Yke woe graach boer wurde, mar troch de minne tiid slagge dat net. Hy wurke dêrom by syn omke. Dizze Yker fertelt dat der op in kear in pear Dútsers oan'e doar kamen dy't op syk wiene nei ûnderdûkers. Underwilens hiene dizze ûnderdûkers harrensels allang yn feiligens brocht. De Dútsers waarden der yn litten en krigen in bakje tee. Tante Marie sei: "Doch dat gewear hjir wei. Oars

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare 1940-1945

wurdt beppe bang". Se diene it fuortendaliks. Siep beslút: "Net alle Dútsers wiene ferkeard".

In besûnder ferhaal is wol dat der in hynder út'e loft fallen kaam by Walma state. It die bliken dat ien fan'e fersperringsballonnen om Londen losslein wie. It anker fan dy ballon bleau heakjen efter in hynder dat meisleept waard en terjochte kaam foar de skuordarren fan'e buorkerij.

By **Bouwe Speerstra** op'e buorkerij krigen in soad ûnderdûkers in (meast tydlik) ûnderdak. It wiene foaral joaden út Amsterdam, dy't fia Speerstra (**Tsjalhuzum nr 9**) in ûnderdakadres krigen. Pakesizzer Bouwe fertelt dat de heit fan syn pake stoarn is, doe't pake noch hiel jong wie. Mei fanwege dit traumatysk barren waard pake in 'einzalganger', immen dy't syn eigen paad gie. Hy wie de baas en hie de direksje.

Pake wie in fjildman. Yn'e maitiid wie hy gauris op paad om te aaisykjen en dêrnjonken gie hy geregeldwei op jacht. Yn'e oarloch die hy dat mei twa hazzehûnen (Bleuke en Herta). Je mochten fan'e besetter net in gewear yn jins besit ha. Hy krige troch syn jagersmaat út Spears te dwaan mei it ferset en rekke behelle by in soad aktiviteiten fan'e ûndergrûnse.

Op in stuit moast de hiele húshâlding fan'e buorkerij ôf. Der waard in tydlik ûnderkommen fûn by famylje yn Nijlân. De Dútsers namen pake syn plak yn, wiene baas op syn hiem. De arbeiders mochten op'e buorkerij bliuwe. Op in stuit gie pake werom nei de buorkerij en tsjinne him oan as arbeider. Hy waard oannommen. Him waard frege oft hy ek wist wêr't Bouwe Speerstra wie. Dat wist hy fansels net..... Nei likernôch trije wiken ferdwûnen de Dútsers wer en koe de húshâlding werom nei de buorkerij. Net allinne de Dútsers, mar ek alle sieraden wiene fuort.....



Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare 1940-1945

Ien fan'e ûnderdûkers dy't op'e buorkerij ûnderdak krigen hat, wie Jackie de Wilde út Snits (dit barde yn jannewaris 1945). Hy wie (heal)joad en slachter yn Snits (letter yn Burgwert). Jackie wie oppakt troch de Dútsers en siet finzen op it plysjeburo yn Snits. Hy waard befrijd troch in jonge NSB-er fan 17 jier. Yn ruil foar syn frijlitting sei Jackie oan dizze jonge ta, dat hy him nei de oarloch helpe soe om wurk te finen. Sa stiene Jackie en syn befrijer op in jûn om 23.30 oere by de Speerstra's foar de doar. Beppe Gerritsje en har dochter Johanna (letter de mem fan Bouwe) lieten harren der yn. De (lettere) heit fan Bouwe Abma koe de befrijer fan Jackie. Hy siet mei him yn groep 8 op in basisskoalle yn Snits. De rest fan'e famylje koe dizze jonge net. Om út'e earmoed fan thús te ûntkommen hie de 17-jierrige him, tegearre mei syn heit en broer, oansletten by de NSB. Nei ferrin fan tiid waard Jackie oerpleatst nei Gaasterlân. Syn befrijer sjantearre dêrnei regelmjittich de famylje Speerstra. Hy stelde syn easken en drige dat hy oan de besetters fertelle soe oer de ûnderdûkers en de fersetsaktiviteiten op'e buorkerij as hy syn sin net krije soe. Hy waard in pear kear warskôge, mar hold net op. Nei ferrin fan tiid waard hy, om't er hieltyd wer lestich die, oerpleatst nei in doarpke by Snits. Hy makke himsels dêr ek ûnmooglik en dêrnei waard oan syn manier fan dwaan definityf in ein makke.

In soad minsken út Snits kamen al fanôf 1942 nei de buorkerij ta om molke te freegjen. Pake wie altiten royaal, eltsenien krige genôch mei. Syn goedens soarge der ek nei de oarloch foar dat in protte minsken in hiele soad sympaty hiene foar boer Speerstra.

Yn jannewaris 1945 hie in groepke Dútsers dat yn Snits ynternearre wie, gjin iten mear. De mannen fregen pake en beppe oft se wat te iten foar harren hiene. Ien fan de mannen fertrouden se net alhiel, dy waard yn'e gaten holden. De twadde man stie mei triennen yn'e eagen mei it lytse dochterke (suske fan'e mem fan Bouwe) op'e earm. Hy moast nei it front en soe syn eigen dochterke nea wer sjen. De tredde man wie in skieppehoeder, George Hitzler. Hy kaam te helpen op'e buorkerij as der wat ferkeard drige te gean mei it lamjen.

Letter kaam der ek in Dútske marineoffisier, Frans Maletski, nei Tsjalhuzum. Dizze offisier wie desertearre út it Dútske leger en bleau oant nei de oarloch op'e buorkerij. Hy ferstoppe him yn it skûlplak efter de koken, heal ûnder it hea, dêr't in betonnen bak stie. Hy is nei de oarloch ûnderskate kearen werom west yn Fryslân, gauris om te farren. Oant syn dea hat de famylje Ruurd en Johanna Abma kontakt mei dizze man holden.

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare 1940-1945

Ek nei de oarloch hat Bouwe Speerstra in soad foar oaren oer. Sa soarge hy derfoar dat in NSB-er út Ysbrechtum befrijd waard út'e finzenis yn Snits. Gauris hiene minsken om ekonomyske reden yn'e oarloch de kant fan'e Dútsers keazen. Speerstra beskôge dêrom minsken dy't dizze stap nommen hiene, net allegewarre as ferkeard.

Bouwe Abma is grutsk op syn pake. Om syn grutte kennis fan it boerebedriuw en om alles dat hy dien hat yn'e oarloch. Bouwe Speerstra hat in soad heftige dingen meimakke. Hy wie in goede boer en in goed minsk, mar hy wie dêrfoaroer ek in aventoersman en hy socht de spanning. Al dizze ûnderfiningen ha fan grutte ynfloed west op syn fierdere libben.

Tsjerkeklokken binne troch de iuwen hinne altyd beskôge as oarlochsbút. Se waarden troch de besetters ferkocht en mei dat jild waarden de soldaten betelle. Yn lettere tiden waarden de klokken omsmolten om der kanonnen fan te meitsje. Yn 1942 krigen de tsjerkfâden in warskôging dat de besetter wolris de klok foarderje kinne soe. Yn 1944 wie is safier, de klok waard troch de Dútsers meinommen. Dêrnei waard besletten om foar 10 gûne in surrogaatklok oan te túgen. De fabriken dêr't de klokken omsmolten waarden, binne lykwols bombardearre. De klok bleau dêrtroch beholden en waard gelokkich nei de oarloch werom fûn yn in depot yn'e buert fan Giethoarn. Op 1 febrewaris 1946 waard de surrogaatklok wer ferfongen troch de echte tsjerkeklok. Alle klokken waarden troch de besetters registrearre en merkbitten as se fuorthelle waarden. Dêrom stiet noch altyd, as oantinken oan dy tiid, de namme fan it doarp mei grutte letters op'e klok.



Yn in nacht yn 1944 hat in bommewerper dy't oansketten wie, krekt westlik fan'e terp Strûpenkeal fiif bommen fallen litten. De doarpsjeugd gie de oare deis op syk nei skerven yn'e bomkraters dy't achter elkoar yn it fjild leine (foto)

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare 1940-1945



Ein 1944 barde dit noch in kear doe't der tusken Carpe Diem en Strûpenkeal trije bommen nei ûnderen kamen. Mar gelokkich wie it iennichste slachtoffer in seefûgel.

Yn'e maitiid fan 1944 wie it raak by it **"Wite Stek"**, dêr wêr't de A-7 en de Ingenawei by elkoar komme. In Dútske stêfauto waard troch in alliearde jager kapotsketten op it plak dêr't doe Rykswei 43 ophold. Boeren oan'e Tsjaerddyk dy't der nei stiene te sjen, moasten ynienen fluch flechtsje om't in tal kûgels by harren buorkerij yn'e eftermuorre sloech. Dizze ynslaggen binne no noch te finen yn'e stjelpbuorkerij fan **Feike Boschma oan'e Tsjaerddyk 29**.

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare 1940-1945

Colofon

Gearstalling en oersetting: Wytske Heida

Mei tank oan:

Siep van der Velde.

Feike en Rooske van der Velde-de Boer

Tjeerd de Boer

Sjoerd Posthuma

Jentje Posthuma

Wout Zijlstra

Thies Twijnstra (overleden 2021)

Wiebren Sweering (overleden 2019, via Annie Walsma)

Bouwe Abma

Atse Bruin

Joods monumint: Jack Kooistra "Een laatste saluut", 2005

Foto's:

Tjeerd de Boer, Atse Bruin, Wytske Heida, Familie Zietsma, Wout Zijlstra, db Folsgeare

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.